

Van Dorpsbelangen Waaxens

Verzonden: donderdag 10 juni 2021 23:08

Onderwerp: Reactie van Dorpsbelang Waaxens over besluit College over spellingswijziging .

**LET OP:** Dit bericht is afkomstig van buiten de organisatie. Klik niet op links of bijlagen tenzij u de afzender en de inhoud van het bericht vertrouwt.

Goedenavond

Hierbij ( in het Fries) de reactie van het dorp Waaxens. Zou u dit zo spoedig mogelijk willen verspreiden onder alle politieke partijen in onze gemeente en aan het college willen sturen Unaniem willen alle inwoners de naam Waaxens behouden om meerdere redenen, dit is reeds eerder en ruim binnen de reactietijd aan het College van onze gemeente meegedeeld. Wat is de democratie waard als er een mening gevraagd wordt en daar Unaniem een reactie op komt dat we geen spellingswijziging willen en dan het College die compleet negeert? Wij willen Waaxens blijven en zullen daar alles voor inzetten. We gaan er vanuit dat de raad van Noard East Fryslan dit college terugfluit op 8 juli in de gemeenteraadsvergadering..

Bijgaand de inhoudelijke reactie:

Yn it útstel van de gemeente NOF oangeande de sabeare ferfrysing fan de doarpsnammen wurdt yn ús gefal (WaaXens-WaaKSens) útgien fan in falske tsjinstelling Frysk-Nederlânsk. Yn ús gefal is der nammers gjin inkeld útspraakferskil en bliuwe WaaXens of WaaKSens yn'e útspraak itselde. De X yn'e skriuwwize makket de namme net Nederlânsk. Sterker: yn it gefal fan ús doarpsnamme is dy X krekt in ûnderskiedend elemint dat wy as bewenners tige en ek saaklik op priis stelle. Us strjitnammen binne tritich jier lyn ferfryske en dat stelden wy op priis om't se sûnt skreaun wurde op de wize sa't wy se útsprekke. Mar yn it gefal fan WaaXens-WaaKSens makket dat lykwols neat út. Nochris: de útspraak bliuwt krekt itselde. Frysk taalbelied moat it brûken fan it Frysk befoarderje en dat brûken is net tsjinne mei in skriuwwize dy't in letterke feroaret op in plaknammebuordsje. Frysk is ál befoardere mei mear Frysk út'e mûle en út'e pinne fan amtners en ûnderwizers.

### **Wat is der op Waaksens tsjin?**

**Earst**, de *betizing* dy't ûntstean sil om't yn'e Greidhoeke ek in doarp leit dat as WaaKSens skreaun wurdt. Ferskate kearen hawwe reizigers op wei nei ús WaaXens in rare omwei fan ien as twa oeren meitsje moatten om't se earst yn dat oare WaaKSens bedarren. En waard post mei fertraging besoarge om't it adres earst yn dat oare doarp socht waard.

**Twad**, de *historisiteit* fan de skriuwwize. De earste midsieuske fermeldingen fan ús doarp wiene al Waaxens, of Waexens. Dat wie gjin Nederlânske mar in Latynske gewoante, likegoed as Harinxma, de grutste lânhear yn Waaxens en omkriten syn namme mei in X skreau en dy X bewarre bleaun is yn de Harinxmawei. (Dêryn dus wol!). De X dy't jimme fuort ha wolle is gjin Nederlânske mar in histoaryske skriuwwize, likegoed as yn Boxmeer en Boxtel en wittefolle oare nammen. Nei alle gedachten komt de X út it Latyn wei, dat as skriuwtaal yn'e âlde tiden brûkt en letter ek defnich wie. Elkenien dy't yn besteande registers,

yn katalogi, boeken of argiven nei WaaKSens siket rint yn earste oanliz stomp om't ús doarp dêr troch de ieuwen hinne allinnich as WaaXens skreaun is.

**Tred**, *it taalbelied* dat mear brûken fan it Frysk neistribbet, sjit har doel foarby. Net as it ynhâldlik nammeferoaring foarstelt (Hantummerútbuorren ynstee fan Hantummeruitburen) mar ál mei in letterkeferoaring. Net-Friezen sjogge WaaXens earder as apart en dêrom wol as Frysk, en sjogge yn WaaKSens gjin Frysk mar in skriuwwize dy't yn it Nederlânsk alhiel net frjemd is. Súderlingen miene sels dat it har eigen is en sa krigen wy ek wol post adressearre oan WaaSKens.

**Koartsein**, de gemeenteried moat de betinkingen fan de bewenners hifkje oan syn belied en dan in saaklike beslissing nimme. Net op grûn fan emoasjes foar of tsjin it Frysk, want dêr gjit it yn ús gefal hielendal net om, mar op grûn fan de mooglike oerlêst en ek fan de tradysje. In namme is in product fan it ferline. As dat ferline ferhollânsking wie is der in reden om dermei ôf te weevjen. WaaXens is lykwols gjin produkt fan ferhollânsking, sa't boppeneamde 'uitburen' dat wol is.

Wy stypje de gemeente yn syn befoardering fan it Frysk. Frysk as yn it deistich libben brûkte taal, en net as geveltsje-fryskfertoan.

Dêrom freegje wy, bewenners, foar de namme fan ús doarp in útsûndering.

Met vriendelijke groeten, best regards,

Penningmeester Dorpsbelang Brantgum, Foudgum en Waaxens